

Nijjerstaspraak 4 jannewaris 2014 yn Frjentsjer.

Bêste minsken, FNPers, freonen en freondinnen,

Prachtich dat jimme hjir fannemiddei sa manmachtich nei Frjentsjer kommen binne om as ien famylje meielkoar it nije jier te fieren!

Yn it foarste plak, minsken, wol ik jimme út namme fan de hiele fraksje, de deputearre en ús beide fraksjemeiwurkers, ek in prachtich, suksesfol en foaral sûn nijjier tawinskje.

Hjoed binne wy te gast yn de âlde Akademystêd, dêr 't de histoarje fan de eardere Fryske universiteit noch altyd sichtber is. Mei de bogt fan Gune, de eardere studintekroech, dêr 't de Fryske studinten ferline wike noch har krystkongres holden. Frjentsjer, ek de stêd mei in agraryske ynslach, sjoch mar wat hjir allegear te beleven falt op de agraryske dagen!
Mar boppe-al is Frjentsjer it keatsmekka fan de wrâld. In stêd mei tradysjes. Mei syn Bond, JongNederlân en fansels de PC.

Hjir trillet de loft fan it keatsen. Hjir heart ek de pronkkeamer fan it keatsen, it keatsmuseum thús. Yn 2013 rekke it keatsmuseum har plakje boppe de Friesland Bank kwyt. De FNP hat yn november mei in moasje yn de steaten en dei letter mei in moasje yn de ried it klearkrigen in dofke jild los te krijen, sadat it keatsmuseum-nyk yn de wrâld- dochs yn in nij pand yn Frjentsjer bliuwe kin. In foarbyld fan in prima gearwurking tusken de steatefraksje en de riedsfraksje mei dit moaie risseltaat. It keatsmuseum is rêden. Sukses foar de FNP.
Mar dêr mist noch ien en dat is de kening-keatser, 30 jier lang de nûmer ien yn it klassemint "aller tijden" Hotze Schuil.

37 PC-punten helle Hotze, gjin oare keatser die him dat nei.

23 kear die er mei oan de PC

13 kear stie er yn de finale.

3 kear ferlearen se de finale mei 5 earsten en seis gelyk.

Fiif kear hat er de PC wûn: yn 46,47,49,52 en yn 67 kaam er mei der krânse thús.

Hotze Schuil, in fenomeen, in keatser yn de lange broek.

Op de keatsfjilden koenen de lju him as De Lange.

Oer it keatsen sei er altyd, dat it in spul wie fan kondysje en ynsjoch. Fan yntinsje en taktyk. Krektlyk as yn de polityk.

Kinne wy as FNP noch wat fan Hotze leare?

Wêr giet it om by it keatsen:

jo moatte

- nocht oan keatsen ha

- it spultsje kenne en kinne.

- de goede maten sykje kinne foar in partoer (op en út en yn it tuskenspul)

- de tsjinstanners goed ynskatte kinne (Wat kinne dy? swakke plak sykje) yn hjoeddeiske taal: in sterkte-swakte analyse.

- witte wêr 't jo de bal bringe moatte

- de maten yn har krêft sette kinne.

- de lieding nimme wolle,

- goed ynkasseare kinne

- de moedfearren nea hingje litte en net kûgels wurde.

- elk earst sjen as in nije wedstriid. 3 spul is pas út.

En fansels de priis winne en mei de krânse nei hûs gean.

De Lange hat aktyf west oant 72.

Hotze Schuil fertsjinnet dêrom rom omtinken en in ferfaam yn it nije keatsmuseum, direkteur!

Dêrom hat de FNP Hotze Schuil himsels nei Frjentsjer helle.

Yn de keatswrâld tilt it op fan moaie ferhalen en anekdoates.

Freonen,

In nij jier, foar ús allegear wer in nije útdaging. Want wolle wy de saken dy 't wy as FNP sa wichtich fine, foar elkoar krije dan kin dat allinne mar slagje at wy dêr meielkoar foar geane. Meielkoar en foarelkoar. Sa dogge wy dat.

Dêrby sille maatskiplike feroaringen en politike fragen ús allegedurigen foar de kar stelle: wat dogge wy as FNP? Sette wy de hakken yn de grûn, wolle we tsjinakselje of moatte wy meibewege en der it bêste fan besykje te meitsjen? Liedend foar ús, as FNP moat wêze: datjinge, dat neffens de minsken it bêste foar Fryslân en har ynwenners is. Op eigen krêft, selsbewust en fan ûnderen op. Mei sizzenkip foar de boarger. Want it bestjoer moat der wêze foar de boarger en net oarsom.

Sa noaske it de FNP mar min dat by in wichtich ûnderwerp as de weryndieling fan gemeenten de boarger meastentiids bûtenspul set is en net meirate koe. De grutte gemeente Sudwest-Fryslân is de minsken gewoan oer it mad kaam.

Gelokkich binne de prosessen oars ferrûn by it ta stân kommen fan de Fryske Marren, Ljouwert en it Hearrenfean.

Boarnsterhim is fannewike wol fan de kaart ferdwûn, ferparte ûnder de buorlju. Dat is wol efkes wennen.

Guon gemeenten hawwe lykwols wol leard fan de fouten fan de oaren, de boargers binne der hjir en dêr wol mear by behelle.

No witte gemeenten ek faker dat se sels kieze moatte:wolle wy gearwurkje, weryndiele of in fúzje. Ek al ropt de Kommissaris fan de kening noch sa lûd, de gemeenten binne sels baas! Gjin weryndieling om it weryndielen!

Ek hjir yn NoardWest hat de politike diskusje bot yn it teken stien fan de weryndieling. De útkomst fan dy diskusje is in oaren ien as dy, dy 't dellein is yn de provinsjale fyzje.

Hiel bysûnder giet it mei Harns. Harns hat nei in referendum it beslút naam om selsstannich te bliuwen. 80 prosint fan de stemmers hawwe witte litten net yn in noardwestfúzje mei te wollen. En de polityk folget dat beslút. De ouwe seunen kenne as gjin oar it gefoel fan eigen taal en eigen identiteit. En binne dêr grutsk op.

Sjoch, sa heart it, de Harnzers binne selsbewust en beslute oer har eigen takomst. De fan-ûnderen-op-bestjoerders hawwe goed nei har befolking harke.

Hotze Schuil – hy is fan 24 – waard yn de oarloch te wurk steld yn Dútslân. Doe 't er nei de oarloch wer weromkaam yn Harns, sei er: “ik wil niet meer uut Harlingen weg. Gien dag, maar oek gien nacht. Oek niet met vakaansie.”

Sa binne de ouwe seunen.

Dus sil Hotze wol werom moatte nei Harns , direkteur.

Freonen,

Yn in tiid dat yn Den Haach it iene akkoart it oare jaget , wylst it lân yn krisis is en dat dêr de tiid ferskitten wurdt mei it sykjen nei in mearderheid.

Yn in tiid, dat lanlike partijen har yn de regio foaral drok lykje te meitsjen oer it beheinen fan de skea fan dy sloppe kompromissen.

Yn in tiid, dat de Provinsje yn de ferdigening treaun wurdt omdat it bestean fan provinsjes yn de kiif steld wurdt en in part fan ús eigen fryske fermogen ús ûntfytmanne wurdt.

Sokke tiden, freonen, komt it der mear as ea op oan om der as gemeente foar jins ynwenners te wêzen. Dat freget om kreative oplossingen foar de taken, dêr 't de gemeenten foar steld wurde yn de

takomst. De desintraalisaasje en de besuningen freegje om in oare oanpak. It is te maklik om te stellen dat weryndieling dêrfoar de oplossing wêze sil.

De gemeente hat de krêft om te kiezen foar de minsklike maat en maatwurk nei aard, skaal en karakter, en om oan te sluten by it ferlet fan har befolking.

Fersterkje de doarpsbelangen en set dêr foaral op yn. It bestjoer ticht by de befolking. Set de mienskip wer yn har krêft. Dat is it ferhaal fan de FNP.

Bêste minsken,

Hjoed dogge wy de ôftraap foar de Riedsferkiezingen fan 19 maart.

Al earder yn 2013 sette de ferkiezingskampanje út ein foar trije gemeenten. Mei in geweldich risseltaat. Doe wûnen de FNP en de PVDA de ferkiezingsen. Yn de nije gemeente De Fryske Marren waard de FNP de grutste mei 9 sitten, yn Ljouwert ferdûbbele it oantal sitten en op it Hearrenfean gong de FNP fan 2 nei 3 sitten.

Dêr meie we wol efkes foar klappe!

It is dúdlik: de minsken witte de FNP te finen, omdat de FNP docht wêr 't se foar stiet en opkomme wol foar de minsken yn Fryslân. Us politike koers giet ergens oer en dat rekket de minsken.

Want ek al komme de lanlike partijbobo's by de gemeenteriedsferkiezingen manmachtich del yn Fryslân om mei spegeltsjes, kraaltsjes en reade roazen de minsken te ferlieden om foaral op har partij te stemmen. (En dat sil yn maart net oars wêze). En sjoch, hoe 't de oare partijen ús ideeën oernimme. Mar de FNP giet út fan eigen krêft, faart in eigen koers tsjin de stream yn en dêr meie wy grutsk op wêze!

Wy kinne koartkrieme:

Minder Den Haach, Mear Fryslân! Mear sizzenkip tichtby.

Freonen,

In nij jier, 2014 biedt nije kânsen foar de FNP! Wy geane foar de prizen en de krânsen.

De FNP moat de echte mienskipspartij bliuwe, dy 't selsbewust mei in konsekwinte en konstruktive polityk in oantal wichtige saken foar de minsken berikke wol. Dat sil net altyd maklik wêze, mar wy witte dat we it kinne.

Wat mienskip betsjut foar minsken dat sjogge wy alle dagen om ús hinne. Fryslân hat der sels de Kulturele Haadstêd 2018 mei binnen helle! De Friezen dogge it op eigen wize en binne effektiver, de mienskip nimt sels de rezjy en lost de saken meiinoar op.

Wy binne as gjin oare partij bewoartele yn dy Fryske mienskip en witte wat dêr libbet.

Wy dogge it mei in grut oantal frijwilligers en betroubere politisy. Sjoch, hoe 't it oeral alwer brûst.... De FNP makket har al wer op om de trend fan de opgeande line fan de lêste jierren yn maart troch te setten.

Mar wy bliuwe wol by ússels en harkje goed nei de minsken, want dêr binne wy mei ferbûn.

Dat diene wy, dat dogge wy en sille wy dwaan ek yn dit nije jier!

Bêste minsken,

Nije wike giet it wer oan. Ik winskje jimme en ús allegear in poerbêst en suksesfol 2014 ta.

4 jannewaris 2014

Annigje Toering

fraksjefoarsitter FNP